

## MOASJE

**Wurklistpunt:** 17a. Moasje frjemd oan de oarder fan de dei

**Underwerp:** Twajierliks boarstûndersyk by froulju

### **De ried fan de gemeente Achtkarspelen yn gearkomste byinoar op 3 juny 2021**

#### **Fersiket it kolleezje:**

- Foar 1 july 2021 der by de demisjonêr en takomstige steatsseketarissen op oan te trunen dat de tydlike maatregel om it boarstûndersyk ienris yn de trije jier plakfine te litten ynlutsen wurdt en dat der krekt alles oan dien wurde moat om de twajierrige termyn sa konsekwint mooglik ta te passen;
- Tagelyk der op oan te stean om de leeftiidsgrins te ferleegjen fan 50 jier nei 35 jier;
- Dizze moasje kenber te meitsjen oan de leden fan de Twadde Keamer.

En giet oer ta de oarder fan de dei.

#### **Taljochting:**

- Dizze maatregel liedt op koarte en langere termyn ta efterútgong fan dizze wichtige preventive foarsjenning en ta ekstra risiko's;
- Ungefear 1 miljoen froulju fan 50 jier ôf meitsje fan dizze foarsjenning gebrûk;
- 1 op de 7 froulju yn Nederlân krijt boarstkanker;
- It befolkingsûndersyk is bedoeld om boarstkanker sa betiid mooglik te ûntdekken sadat de kâns op in suksesfolle behanneling gâns tanimt.

FNP-Acht­karspelen,

PvdA-Acht­karspelen,

PVV-Acht­karspelen,

Mefr. M. Dotinga-van der Veen

Dhr. J. Stellinga

Dhr. H.J. Graansma

Stemming:

De motie is met algemene stemmen **aangenomen**